


De Twirre



oktober 2016



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 33e jiergong nr. 3: oktober 2016. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 novimber by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Hendrik Tel hendrik.tel@t-online.de	till.	0049 - 5924 785255
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmantlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Redaksje	Ali Bonhof Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		074 - 242 1904
Leden	Grieteke van der Veer Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 291 8564 074 - 242 7217
	Remke van Marle remke44@gmail.com		0541 - 51 4781

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 17,50 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 30 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekken-nûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- Dy't ienkear yn 't skipke sit moat farre.
- Der komt in skip mei soere appels oan.
- Hy hat de djipgong fan in skou.
- Skippers skoftsje net as se sile kinne.
- In grut skip hat in bulte sok.

Belangrike data

- Freed 30 sept, 7 en 14 okt.** Repetysjes fan de Twirresjongers yn de Schalm, Leunenbergh 586, Enschede. Fan 20.00 - 22.00 oere. Nije koarleden fan herte wolkom!
- Freed 21 okt.** Kritejûn yn seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. It sjongduo “Nanne en Ankie” treedt foar ús op. Oanfang: 20.00 oere.
- Snein 27 nov.** Fryske tsjerketsjinst yn de Johannestsjerke yn Tweekelo. Oanfang: 14.30 oere. Mear ynformaasje fierderop yn dizze Twirre.
- Jan/febr.** Jiergearkomste.

Op nei it nije winterskoft

Mei prachtich neisimmerwaar yn septimber geane wy op nei de hjerst en it nije winterskoft. It kriteriske ha wy al wer hân en dat is ek dit kear wer o sa goed slagge. Us earste kritejûn is op freed 21 oktober by Vrieler. “Nanne en Ankie” trede foar ús op mei in fleurich programma. Wy tinke dat it in hiele moaie Fryske jûn wurdt.

Op snein 27 novimber organisearje wy wer in Fryske tsjerketsjinst. Krekt as de foarige kearen wurdt dy wer yn de Johannestsjerke yn Tweekelo hâlden. Mear ynformaasje oer de tsjinst stiet fierderop yn dit boekje. Oant sjen op ien fan dizze krite-aktiviteiten. □ It bestjoer

Famyljeberjochten

Op 4 july is ús âld-lid Lucas Vrielink stoarn yn de âldens fan 85 jier. Luc hat lange tiid lid west fan de krite. Hy wie hast altyd op ús kritejûnen. Us dielnimming giet út nei syn neisten, dy’t wy folle krêft tawinskje.



Strune yn Fryslân

Troch ús bân mei ús Fryske famylje en kunde komt it foar, dat we foar in begraffenis nei Fryslân moatte. Dêrtroch kamen we yn **Feanwâlden**. We hiene wat tiid oer om dêr wat om ús hinne te sjen en sa rûnen we yn dat doarp mei mar in pear winkels tsjin in grutte twaddehâns boekesaak oan, mei ek in soad Fryske boeken. Foar in bepaalde sortering jilde dêr: in tasfol foar 5 euro. Dus op de earstfolgjende byienkomst fan ús lêsgroepke ha ik wat om út te dielen!

We woene de oare deis, in sneon, noch by wat tsjerken del (iepen yn it kader fan it jierlikse Tsjerkepaad) en tochten ris te oernachtsjen op it rekreaasjeterrein De Holle Poarte oan de Iselmarkust by Makkum. Dat it fêste lân fan Fryslân sa'n grut toeristysk plak foar badgasten en surfers hat, hiene we net tocht. Je tinke, dat je dêr oan it Noardseestrân sitte; alles wat dêr oan akkomodaasjes te finen is, fine je ek by Makkum. Sa as ús Beach Hotel de Vigilante; dat klinkt noch al djoer, mar De Vigilante is de namme fan in skip dat dêr destiids yn de Sudersee fergien is.

We ha lykwols net oan it strân lein, mar moarns in fytstocht make: allerearst **Makkum** besjoen. It is in moai âld doarp; it hat suver

wat fan in stedsje mei syn âlde geveltsjes en waachgebou; by de slûs moatte de skippers noch altyd wat jild dwaan yn in klompke as se der del wolle. Doe achter de Iselmarkdyk nei it noarden fytst, nei Koarnwert. Wat in rom útsicht; lân mei foaral skiep en guozzen. En je fytse sa op de 10 mûnske grize wynmûnen ta op de kop fan de Ofslútdyk. Eigenlik fyn ik se wol moai, se hearre foar myn gefoel al by it Fryske lânskip. De âlde lytse mûne, hieltyd op nochal wat weiwiizers oantsjut as de Corwerder molen, falt derby wol yn it neat. Hoe bysûnder oft dy mûne is, witte we net, want we ha der net hinne west.

Koarnwert hat in kwa architektuer moaie skerpe toer en in nijmoadderich kastiel-hûs. Yn dit lytse doarp is de Fryske dichter en skriuwer Obe Postma berne en begroeven. Doe op nei **Surch**, ûnder en oer in wirwar fan op- en ôfritten fan 4-baans diken del.

En dan nei **Penjum** (Pingjum), in lyts doarpke, wer't de lêste 70 jier neffens my net in nij hûs mear byboud is. Der is gjin inkele fersjinning, op ien kafee nei, rund troch in Italiaan; we ha dêr noflik sitten en ûnderwilens socht nei de âldste Fermanje (Doopsgesinde tsjerke) dy't der earne stean moast. No diz-

ze kin mei rjocht en reden in skûltsjerke neamd wurde, want oan de bûtenkant is it in gewoan hûs (wer't no in buordsje mei ynformaasje opspikere sit).

Dêrnei nei **Wûns**, bysûnder om syn 8-kantige tsjerke mei in hert as wynwizer der boppe op yn't plak fan de wênstige hoanne. Yn **Skraad** stie de Fryske flagge op'e toer: we kamen dêr yn it doarpsfeest telâne. Doe oer **Skuzum** (Idsingahuizen) wer nei De Holle Poarte, wer't we (nei 35 km) krekt wer by ús auto kamen doe't de earste reindrippen foelen. Sa ha we op hiel wat plakjes west, wêr't we noch noait earder west hiene. Mei de auto ha we de middeis

noch nei wat oare foar ús ûnbekende plakjes west. Sa kamen we lang om let ek yn **Sânfurd** (Sanfirden). No, dat is de ein fan'e wrâld; it leit op in skiereilantsje tusken de marren. Der is dêr lykwols in aktive kommisje dy't yn it tsjerkje allerhande kulturele dingen organisearret om dat tsjerkje dochs yn stân te hâlden en libben te hâlden yn dit wol tige lytse en ôfgelegen wenplakje.

It wie sa stadichoan knap begûn te reinen, dat we ha Twente mar wer opsocht. Eigenlik moatte je dy doarpkjes ek op'e fyts ferkenne, dat is folle moaier as mei de auto, mar dan moat it fansels wol moai waar wêze. □ Eeke de Boer



Wyn en wetter (Sytske Wallinga)

<i>De wyn beart</i>	<i>oeren oanien</i>
<i>de see boldert</i>	<i>neatich skôgje ik</i>
<i>yn 'e fierte</i>	<i>de eleminten.</i>
<i>skriemt de loft</i>	<i>Rûch de see</i>
<i>it wetter spat</i>	<i>kâld de wyn</i>
<i>mei barstend geweld</i>	<i>wiet it strân</i>
<i>tsjin it basalt.</i>	<i>wetter sljochtet</i>
<i>Skomkoppen tyskje</i>	<i>myn kommen en gear.</i>

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie de siswize: Dien wurk jout noflik rêsten, mei de *w* fan Wommels, de *u* fan Utingeradiel, de *r* fan Ryptsjerk en de *k* fan Kimswert. No in lytse sânrinner puzel: de yn te fullen wurden bestean út deselde letters as it wurd derboppe of der ûnder, mar mei ien letter mear of minder, de letters kinne wol yn in oare folchoarder stean.

. in grut doarp boppe Ljouwert
. in fersterke adelike wente
. in lytse jildienheid
. net tsjok
. lidwurd
. in klinker dy't yn it Frysk noait in dakje kriget
. namme fan in farwetter yn Fryslân
. in getal
. yn de measte winters ha we der wol mei te krijen
. in dei fan de wike
. dat dogge je by in swier kerwei
. dizze minsken lizze jo nei oan't hert Eeke

Dúdlik. Yn Ouwe Syl moat it ris bard wêze, dat by 't ponkjerinnen in boer it earst syn jefte yn it ponkje die. Dy't neist him siet hold fuortendaliks it ponkje op 'e kop. Dêr rûgele in sint út. Doe sei er lûdop, sadat elkenien it hearre koe: "Die cent kan jij wel houwe, daar wurde wij hier toch ook niet veul beter van!"

De Martenastins yn Frjentsjer

Fan de alve Fryske stêden hat Frjentsjer syn âlde stedelike karakter it bêste fêst witten te hâlden. Dat hat ûnder mear te meitsjen mei in perioade fan ekonomysk ferfal yn de 18-de ieu, wêrtroch út need in soad âlde gebouwen behâlden bleaune. De skiednis fan Frjentsjer giet werom oant de ein fan de 8-ste ieu. Yn it kompakte sintrum leit de Martinitsjerke op in terp, mei it moaie renaissânse stêdhûs der tsjinoer. Fan de Festing binne allinnich in lyts stikje Noarderbolwurk en de festinggrêft yntakt bleaun. Binnen de eardere omwâling lizze noch wol inkele grêften. Oan ien dêrfan stiet it grappige Koarendragershúske, dêr't oanfierd guod as nôt (graan), peulfruchten, wyn en bier weage en kontrolearre waard. Frjentsjer hat opfallend folle bysûndere gevels en stinzen, eardere stêdspaleizen. Yn ien dêrfan is museum Martena festige. Dit eardere stêdskastiel waard rûnom 1500 boud troch edelman Hessel van Martena. Ien fan de ferneamde bewenners wie Anna Maria van Schuurman. Dy 17de ieuske dichteres en keunstneres wenne hjir as bern doe 't har heit en broers oan de universiteit fan Frjentsjer studearren. Letter wie sy de earste frou dy't oan in universiteit studearje mocht. Achter in gerdyn. Museum Martena giet yn op de rike skiednis fan Frjentsjer, mar hat ek tydlike eksposysjes fan moderne keunst. It museum hat de âldste datearre renaissânsekast yn besit, in prachtige kast út 1550. De tún stiet bekend om syn stinzeplanten. En op souder is it alle dagen merke; hjir hat Jacob Kooistra in wurkjende miniatuermerke fan recycled materiaal opboud. www.museummartena.nl

□ út: "200 Plekken die je echt gezien moet hebben in Friesland" fan Annemarie Bergfeld.

Angelje

Dûmny siet moarns om sân oere te angeljen oan de feart. In pear fan syn "skiepkes" dy't foarby fytsten nei har wurk, sprutsen der skande fan. "Dat sa'n man no neat oars te dwaan hat," fregen se har ôf. Dûmny hearde der fan. De oare moarns om fiif oere skille dûmny nei ien fan beiden om te freegjen oft er om seis oere ek op hûsbesite komme koe. De man frege ferheard: "Mar kin dûmny net better jûn om in oere as acht komme?" "Dat liket my ek sa ta," wie it antwurd, "dan gean ik aanst mar wer te angeljen!"

□ Marten de Boer

Dokkumer taai

Doe't ik te Dokkum troch de Naustrjitte rûn, kaam it my ynienen yn it sin dat ús yndertiid op skoalle bybrocht waard dat Dokkum ferneamd wie om syn taai. Men kin der oer stride oft der doe gjin belangriker dingen wiene dy't wy witte moasten.

Dokkum wie foar ús doe frijwat in dizenich begryp, in plak earne fier fuort. Ferneamd om syn taai, ik leau net dat it ús doe folle skele koe, ik muoit my dat ik it sizze moat. En sjudêr, doe 't ik troch de Naustrjitte rûn kaam dy bybrochte wittenskip fan jierren her wer by my boppe. Wat koe ik better meinimme ta wolkom thús as in pûde Dokkumer taaidingen?

Mei dat djoer besit yn 'e bûse rûn ik foarsichtich de Breedstrjitte del. Ik hie mar net klakkeleas wat kocht. It wie Dokkumer taai dat ik by my hie! Op 'e skoalbanken al wiene wy ûnderrjochte dat it wat aparts wie. Ik bin dermei thúskommen.

Ear 't wy dêroer gear gyngen ha ik in lytse eksplikaasje jûn, dat it net samar taaidingen wiene dy't ik meinommen hie. It wie Dokkumer taai. Yn 'e grize âldheid al ferneamd, mooglik dat de terpbewenners har genot der al oan hiene. Wy seagen dy baksels mei oare eagen oan. Ieuwen foelen wei. Dokkumertaai! Wy wiene der stil fan.

□ Paulus Akkerman (oernommen út it kritblêd fan Súdeast Drinte)

Grapkes

In drege fraach. In jonge autorydster hie maleur mei har auto. By it besykjen om in parkearplak te finen, hie hja in oare parkearde auto skea besoarge. Hja wie drok dwaande om it formulier, dêr't hja de skea yn opjaan koe, yn te foljen. Ien fan de fragen seach der sa út: "Wat hie de bestjoerder fan de oare auto dwaan kinnen om in oanriding te foarkommen?" Hja joech as antwurd. "Hy hie op in oar plak parkeare kinnen."

Gehakballen. In frou sit yn 'e tsjerkebank. Efter har sit in man en dy tikket har op 't skouder en seit: Frou, jo tas stiet iepen en jo gebit is der útfallen. "Ssst," flústeret de frou, "dat is net myn gebit, mar dat fan myn man. As ik dat net meinim, yt hy thús alle gehakballen op."



Hjerst

*It wie in stille snein, wat tsjuster en wat wiet;
Fan 't beamte, yn hjerstgiel bléd, foel sêft de rein oer 't paad.
Wer thús by smoute hurd seach 'k út nei grize loft;
It wetter song, en harkjend waard 'k nei Fryslân laad.*

*Hoe libbet yn my 't âlde libben fuort. Ik sjoch
De hjerst dêrjinsen: 't fee stiet op stâl en leech
Is 't weake lân. By bûthúsdoar leit heech it gers,
De kowewazem lûkt troch d'iepen doar omheech.*

*Ut fragelearen komm' de bern; by dûmny wei
De bou oer, wêr't de rapen stean, nei hûs troch smoarge daam.
't Is djirheinstiid. Troch 't bûthús rattelt lûd it kret,
In sturtou giselt en mei amers slacht de faam.*

*Sa skrept op eltse pleats it folk. Hoe 't ik har sjoch
En 't hele dwaan no foar my ha, hja witte it net.
As master dy't syn folk oan 't wurk set fiel ik my;
Hja meltse en boarne en wrotte stil, omdat 't sa heart.*

*Mar myn ferlangst is mear: ik moat de sielen sjen,
De rin fan 't libben en fan minsken al 't bestean.
O, it folk yn my te witten, dy it kin en draach!
En sûnder print fan died net út it wurk te gean!*

*Obe Postma út "Fan it Fryske lân en it Fryske libben" (1909)
(Djirheinstiid = foertiid)*

Siswizen oer suvel (út it bûsboekje 2016)

- De ko lûkt de molke op - de tasizzing wurdt net neikommen.
- Hy hat altyd de bûter opfretten - hy krijt altyd de skuld.
- It libben is gjin molke en groattenbrij - it is net altyd maklik.
- Ik sit leaver ûnder de ko, sei de boer, as ûnder de notaris.
- Dêr is gjin bûter oan te striken - neat helpt.
- Dat is in stik bûter yn 'e brij - dat is in meifaller.
- No sil de bûter jild jilde - no sil it heve, no krijt de saak syn beslach.

Nanne en Ankie op kritejûn fan freed 21 oktober

Op freed 21 oktober ha wy ús earste kritejûn fan dit winterskoft. Foar ús sille Nanne Kalma en Ankie van der Meer optrede dy't tegearre al mear as 30 jier it sjongduo "Nanne en Ankie" foarmje. Yn de foarige Twirre ha jo al it ien en oar oer dit muzikale duo lêze kinnen. Yn novimber 2010 ha Nanne en Ankie al ris by ús yn seal Vrieler west. Se ha doe in "feestlik" programma foar ús fersoarge fanwegen it 30-jierrich bestean fan ús krite. En dat hat ús goed foldien.



Yn binnen- en bûtenlân, op grutte en lytse poadia, yn konsertsealen, tsjerken en kroegen, op boaten en op strjitte, op festivals, op kofjekonserten en kulturele jûnen, yn de liete-workshops dy't se fersoargje of wêr dan ek mar: oeral en altyd bringe Ankie en Nanne mei humor in programma, taspitst op de sitewaasje.

By elk konsert wurdt it publyk wol in kearmannich útnoege om mei te sjongen. Se begeliede harsels op ynstruminten as gitaar, mandoline, skalmei en konsertina.

Freed 21 oktober: Kritejûn by Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00 oere. Yntree: leden fergees; net-leden 9,50 Euro; studinten 5 Euro. Mei in gesellige ferlotting. Boeketafel mei allinnich healsliten Fryske boeken en tydskriften. Foar ferfier nei in kritejûn: belje mei Grieteke van der Veer 074-2918564.

Fryske tsjerketsjinst op 27 novimber

Der sil wer in Fryske tsjerketsjinst hâlden wurde. De tarieding dêrta is yn folle gong. It sil ôngaan op sneintemiddei 27 novimber om 14.30 oere. De foargeande kearen ha we it hâlden yn de Johanniskapel yn Tweekelo en dat hat hieltyd goed foldien. Dêrom sil it ek dizze kear hjir wer syn beslach krije:



Twekkelerweg 110. Foargonger sil

dizze kear de hear Siebe Hiemstra ut Almelo wêze. Ds. Hiemstra is lid fan de krite en wennet yn Almelo. Hy is berne yn Dronyp.

De tariedingskommisje probearret alles sa goed mogelijk te regeljen. Nei ôfrin fan de tsjinst is der, by in bakje kofje, wer tiid foar neipetear. Wy sille nei ferskate tsjerkeblêden in berjocht stjoere, sadat it breed bekend wurdt. Wy tinke dat we mei dit oanbod nochal wat Friezen berikke dy't noch net lid fan de krite binne. Der kinne sawat 90 minsken yn de kapel, wy hoopje dat alle stuollen beset reitsje. □ Ut namme fan it bestjoer Hendrik Tel

It kriteriske op 6 septimber

Op in moaie neisimmerdei rydt de bus fan Richters Reisen mei in sel-skip fan 33 Friezen om Utens Dútslân yn. It earste reisdoel is Kalkriese by Bramsche, net sa fier fan Osnabrück. Nei de kofje mei gebak krije wy dêr in rûnlieding troch it nije museum op it plak fan de Varusslacht.

Wy krije útlis fan in dúdlik Dútsk pratend frommenske. Se fertelt oer de slach dy't hjir yn it jier 9 pleats fûn hat. Hoe langer hoe mear fynsten út de boaiem leverje it bewiis

dat de slach yndied hjir by Kalkriese wie. It ryk fan de Romeinen wie yn dy tiid al hiel grut. Behalve Itaalje, Spanje en Frankryk en de Alpen, hearde it hiele gebiet rûnom de Middellânske see der ta. Mar de Romeinen woene de Rijn oerstekke en fan it gebiet tusken Rijn en Elbe ek in Romeinske provinsje meitsje. Dêr wennen op dat stuit ferskate Germaanske stammen neist de Friezen oan de kust. Dy hiene der gjin nocht oan om ûnder de Romeinske heersers te fallen.

Want dat soe betsjutte dat se beles-ting betelje moasten of dielnimme yn de Romeinske legers. Armini-us, ek wol Hermann de Germaan neamd, hie eins syn oplieding yn Rome krigen. Mar hy wie de soan fan in Germaanske hoofdman. Hy brocht de Germaanske stammen byinoar om tsjin de Romeinen te striden. Yn it jier 9 wiene de Ro-meinske legioenen, ûnder lieding fan Varus, ûnderweis nei har win-terkampen oan de Rijn. Dêrby ka-men se yn in soarte fan fûke, in hieltyd smeller wurdende troch-gong tusken in “moor” (wiet heechfean) en in boskrike hichte, dêr’t de Germanen ferstoppe sie-ten. Sa koene se de Romeinen, dy’t folle better bewapene en be-skerme wiene, toch oerwinne. In

nijsgjirrige útstalling yn in nijsgjir-riich modern museumgebou. It ge-bou, makke fan rustbrún Kortens-tiel, is in ûntwerp fan in Switser-ske arsjitekt. Yn earste ynstânsje tink je dat it it ferruske oerbliuwsel fan in âlde fabryk is. Mar fan bin-nen is it ferrassend moai en tige de muoite wurdich.

Fia in toeristyske rûte ride we troch it moaie heuvelachtige lân-skip fan it Teutoburger Wald. Yn Bissendorf steane de dekte tafels al foar ús klear. We krije hjir in hear-lik waarm miel iten.

Bad Rothenfelde is in ferneamd kurort dêr’t se gebrûk meitsje fan it sâlte wetter dat dêr al sûnt 1724 fia in bron nei boppen komt. We besjogge hjir de Gradierwerke dy’t



ek wol de Salinen neamd wurde. Mear as hûndert jier libben de minsken yn Rothenfelde foaral fan it ferhandeljen fan it *wite goud*. Sâlt wie in kostber produkt. De grutte Gradierwerke waarden brûkt as ferdampingsynstallaasjes. It sâlte wetter pompt men omheech; ear-tiids troch trije Nederlânske mûnen. Dêrnei rint it wetter lâns in muorre fan sleedoarntûken wer nei ûnderen. It sâltgehalte wurdt op dy wize ferhege fan 6% oant 24%. De gradierwerke binne opboud as grutte houten stellages. De sleedoarntûken wurde brûkt omdat se de bast net ferlieze ûnder yn wurking fan it sâlte wetter. Nei sa'n 30 oant 40 jier ûntstiet in wûnderlik soarte fan "Doarnstien". Ut it delspeljende wetter bliuwe hiele lytse kalk- en izerdieltsjes op de tûken achter en foarmje sa koaraalfoarmige "stiennen". Dizze moatte dan ferfongen wurde troch nije sleedoarntûken. Folle letter kaamen der achter dat it ynademjen fan sâlte dampen goed foar de sûnens wêze kin. Foar minsken

mei kwalen oan longen of luchtwegen of mei allergieën skynt dat hiel goed te wurkjen. Wy kinne hjir ek yn it "Inhalatorium" sâlte damp ynademje. Swimme yn sâlte wetter kin ek hiel goed wêze foar allerhande hûdproblemen en en krupsjes. Bad Rothenfelde is no in in kurort mei ferskate kliniken en hotels. Nei dizze bysûnder ynteressante ekseskurzje ride we troch nei Bad Iburg, dêr't wy noch hearlik yn 't skaad op in terras oant it wetter sitte kinne om wat te drinken. We ha in rûntsje rûnom om de stêd Osnabrück makke. 't Is tiid om nei hûs te gean. De sjauffeuze bringt ús moat op 'e tiid wer nei Hengelo werom. Underweis wurde Hendrik en Tjesje elk mei in fleske wyn betanke foar it tariesen fan dit kriteiske. Se ha dit tegearre hielendal yn 't foaren by del riden en alles besprutsen. Hendrik hat ûnderweis yn de bus ek noch it ien en oar ferteld, bgl. oer de staatsynrjochting fan Dútslân en oer de tiid dat se yn de omkriten fan Osnabrück buorken. It wie in moaie dei!! □ Ali

De Sleedoarn

Yn Bad Rothenfelde brûke se de tûken fan de sleedoarn. De sleedoarn is in strúk dy't foaral yn iere foarjier opfalt. De strúk bloeit dan mei lytse wite blomkes op it keale swarte hout. Yn de hjerst komme der himelsblauwe fruchten oan dy't op lytse prûmkes lykje, mei in frij dikke pit. Om sa te iten binne dy fierstente soer. Je kinne de prûmkes wol ferwurkje ta likeur of sjem.

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Nijs út Fryslân

Nieuwe Encyclopedie van Fryslân. Nei sân jier fan tarieding is de *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* ferskynd. “De ensyklopedy opnij útfûn,” sizze sawol útjouwerij Bornmeer as opdrachtjouwer Tresoar. En dy nijchheid sit him net yn ien ding, mar yn praktysk alle fasetten fan dat ymposante neislachwuk. It is in modern foarmjûne ensyklopedy mei tagonklike ynformaasje en ferhalen. Mear as 200 wittenskippers - de top fan ferskate fakgebieten - hawwe oan dat neislachwurk meiwurke en út wifoefolle boarnen kennis opdûkt. Kennis oer Fryslân dy’t yn in soad gefallen online net te finen is. Der is bopodat net sunich mei yllústraasjes omgien: de ensyklopedy is yllústrearre mei mear as 1100 foto’s, kaarten, grafiken en tabellen. Mear ynfo: www.bureaumaalstroom.nl

Obe Postmapriis foar Geart Tigchelaar. Skriuwer en oersetter Geart Tigchelaar hat de Obe Postmapriis 2016 wûn foar syn oersetting fan “Erik it lyts ynsekteboek” fan Godfried Bomans. Dat is freedtejûn 9 septimber bekend makke op it Fryske Boekefeest yn Tresoar. It is Tigchelaar neffens de advyskommisje tige goed slagge om de blomrike taal fan dizze klassiker út de Nederlânske literatuer oer te seten yn it Frysk. Tagelyk hat Tigchelaar de dûbelde laach yn it ferhaal yntakt hâlden. De Obe Postmapriis is yn 1984 troch de provinsje Fryslân ynsteld. It is de priis foar oersettingen yn en út it Frysk yn alle sjenres. De priis wurdt om de fjouwer jier útrikt en bestiet út in oarkonde en in bedrach fan 2000 Euro. De advyskommisje hie fjouwer boeken mominearre. Oare nominearren wiene: Harke Bremer en Jarich Hoekstra mei de fertaling fan “De Ferjilder” fan Marten Toonder, Peter van der Veen mei in “See fan stilte” fan Vecors en Tseard Bruinja mei syn bondel “Stofsûgersjongers/Stofzuigerzangers”.

Prisma wurdboek oanpast. It Prisma wurdboek Frysk is it earste neislachwurk dat al oanpast is oan de nijste Fryske spelling fan febrewaris 2015. Janneke Spoelstra, dy’t wurket by de Fryske Akademy, had dêr in hûd fol wurk oan hân. Se fûn it in “aventoer by de wurden lâns”. Yn totaal 15000 yngongen Nederlânsk - Frysk en ek 15000 yngongen Frysk - Nederlânsk moasten besjoen wurde. De wizigingen binne eins net iens sa hiel grut. It giet benamen om sa folle mooglik de û te skriuwen, behalve as de Nederlânske foarm in oe hat. Poes bliuwt poes, mar reboelje wurdt rebûlje. It wurd ieu (eeuw) wurdt no iuw en en televyzje wurdt no telefyzje of tillefyzje, dus mei in f yn pleats fan in v. □

Resept

Tartiflette mei tsiis en paddestuollen.

400 gram jong belegen tsiis, yn plakken; 800 gram fêstsierdende ierappels; 50 gr. bûter; 250 gr. kastanjesjampinjons, yn plakjes; 1 ytleppel ty-mebledsjes; 2 grutte sipels, grof snippere; 100 gr. ham, yn reepkes; 150 ml. drûge wite wyn; sâlt en piper. In ovale ovenskaal fan leech model. (Resept foar fjouwer minsken)

De oven foarferwaarmje op 180 gr. De ierappels yn de skyl 10 minuten sierde. De skyl der ôflûke en yn plakjes snije. De sjampinjons yn 25 gr. bûter brún bakke yn de pankoekspanne. De tyme dertroch rierde en op smaak meitsje mei sâlt en piper. De paddestuollen op in board skeppe en yn de oerbleaune bûter yn de koekepanne de sipels glêzich fruite. Bak de hamreepkes even mei. De ovenskaal royaal ynfetsje en de helte fan de sipels oer de boaiem ferdiele. Lis hjirop de helte fan de ierappelplakjes en de helte fan de tsiis. Dan de helte fan de sjampinjons deroer en de rest fan de ierappelplakjes derop. Skep de rest fan de sipels dêr wer op en dek ôf mei de tsiis. Lis de lêste sjampinjons yn in streep yn it midden. Skink de wyn yn de skaal. Sko de skaal in richel ûnder it midden yn de oven en bak de tartiflette yn 30 - 40 minuten goudbrún en gear. Lekker mei in griene salade.

□ Oernommen út "Lekker koken met kaas"

Gjin achternamme

Bekende Friezen ha hielendal gjin achternamme nedich. Allinnich de foarnamme is al genôch: Abe, Atsje, Doutzen, Epke, Foppe, Lutz, Piet, Riemer, Rintsje, Syb, Sjinkie en Sven. Foppe sei: "As der rop-pen wurdt *De Haan*, dan ha ik net iens yn 'e gaten dat ik it bin." Dizze nammen komme ek net sa faak foar. Ik ken net iens in oare Foppe, mar wol hûnderten Japen, Jan-nen en Gearten.

□ Oernommen út it kriteblêd fan Assen



Boekenijs

Net op al ús kritejûnen komme der noch nije Fryske boeken op 'e boeketafel. Twa minsken fan it Boun om Utens ha de boekeferkeap oernommen en it kin wêze dat dy in kear by ús komme mei nije Fryske boeken. By my no allinnich noch healsliten boeken en tydskriften. Dy geane foar in prikje fuort.

Bûsboekje 2017. Op 21 oktober kinne jo by my noch wol it Fryske bûsboekje keapje, de iennige aginda yn it Frysk. It tema fan 2017 is Film yn Fryslân. *Priis: 7,00 Euro.*

De foet by de kûle, Rommert Tjeerdsma. Oer Fryske soldaten dy't krekt nei de oarloch net nei Ynje wolle. In nijsgjirrich ûnderwerp, dat noch net earder yn de literatuer oan 'e oarder kommen is. Bareld Bekkema, de haadpersoan fan de roman, hat him krekt losmakke fan syn âlden as er opropen wurdt foar militêre tsjinst. Hy wol net, lykas syn heit, ivich en altyd as arbeider foar in boer wurkje. "Ik wol tekenje en skilderje. Ik wol sjen hoe 't it moaie en aparte yn 'e natuer yn inoar stekt en dat wol ik fêstlizze op papier en doek." *Priis: 16,00 Euro.*

Widzjende sinneblommen, Geart Tigchelaar. Jarich en Tine binne in moai spantsje. Se ha wurk, in eigen hûs, geregeld seks en aardige freonen. Mar Jarich, dosint oan in

lânbouskoalle, is dochs net tefreden. Hy wol wat oars. "It giet eins te goed, te maklik, op it rûutineuze ôf." Hy wol mear aventoer, hy wol net syn hiele libben nei wurk bûkelje dêr't er neat oan fynt. Hy dreamt fan in sinneblomkwekerij. Tine hinget oan in fêst ynkommen en wylst Jarich dreamt fan blommen, "widzjend op 'e wyn," wol sy trouwe. *Priis: 14,50 Euro.*

Reade snie en swarte hagelstien-
nen, Josse de Haan. Foar de haadpersoan yn dit boek binne manlju allegear reptilen. En der is mar ien manier om der mei om te gean, dwaan as rekket it je net, mar yntusken stadichoan fergif struie. Dat is better as deastekke of yn ien kear fegiftigje en wurket folle effisjinter. De frou dy't hjir har monolooch hâldt is dêryn in master wurden. Har man rekket alles kwyd, krekt sa't de froulju yn dit boek alles kwyd rekken. In alternative boerestedsroman yn monoloochfoarm. *Priis: 16,00 Euro.*

Wrâldreis yn 80 dagen, tekene troch Roelof Wytma. Bewurking op basis fan de Fryske fertaling fan Syt Bakker-Palma. By de presentaasje yn Drachten wie ek skriuwer en reizger Redmond O'Hanlon oanwêzich. Op termyn sil dit boek ek yn oare minderheidstalen útbrocht wurde. □ Ali Bonhof

Witte jo.....

- Dat skriuwer Nyk de Vries yn augustus de Piter Jellespriis foar letteren fan de gemeente Ljouwert krigen hat? Neffens de sjury hat Nyk yn syn roman “Renger” de sfear fan it arbeidersfermidden út de Fryske Wâlden goed witten oer te bringen. De sjury fergeliket it mei de skriuwers-debuten fan Tommy Wieringa en A.F.Th. van der Heijden.
- It Skûtsjesilen fan de Sintrale Kommisje Skûtsjesilen (SKS) dit jier wûn is troch de “Sneeker Pan”, it skûtsje fan Snits? De twadde priis wie foar it skûtsje fan Earnewâlde en it tredde plak wie foar Grou.
- Dat it “Keninklik Eise Eisinga Planetarium” yn Frensjer de twa-miljoenste besiker hie? It planetarium dat yn 1781 iepen gie, telt de lêste jierren in stabyl besikersoantal fan om-en-de-by 45000. Foarsitter Koelma hopet dat it planetarium takom jier de Wrâlderfstatus krije kin.
- Sven Kramer ferhúzje sil nei Amstelveen? Hy hat dêr in grut hûs kocht oan de Amstel fan twa miljoen Euro.
- De PC dit jier wûn is troch Jan Dirk de Groot, Renze Pieter Hiemstra en Hans Wassenaar? Op it Sjûkelân wiene se yn de finale te sterk foar Tjisse Steenstra, Herman Sprik en Cornelis Terpstra. Hans Wassenaar waard ta Kening útroppen.
- Op Skiermûntseach fan ’t simmer fierd is dat it eilân al 150 jier “Badplak” is? Op 6 augustus wie der in grut strânfeest foar sawol de eilanners as de toeristen.
- Op Skylge en Flylân in betinking west hat fan de ramp yn 1666? De Ingelske float foel doe Flylân en Skylge oan. Sa’n 150 skippen waarden yn brân stutsen en it doarp West-Terschelling ôfbaarnd. Mear as 2000 minsken kamen om. Mei in yndrukwekkende ljocht- en byldshow waard it ferhaal op de muorren fan de Brandaris útbylde.
- De krite fan Den Haag, dy’t foarich jier opdoekt waard, wer opnij ta libben brocht is? In oantal Fryske keamerleden hat de boel wer op poaten setten.
- Wêr’t de foto op’e efterkant makke is? De foarige kear hienen wy in foto fan Deinum met de sipel op’e toer.



fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

